

‘Wynstok, ranken en druven’



Gemeente Terpoarte te Deinum

Snein, 3 april 2022 om 11.00 oere

Foargonger: ds. Hinne Wagenaar

Muzyk: Lucas Wiersema

Muzyk

Wolkom en meidielings

Iepeningsliet: Leafde foar de tiden berne (791: 1,2, 3)

Bemoediging:

- F. Ús helper is de Heare
dy't himel en ierde makke hat
- G. *dy't trouhâldt yn ivichheid
en net loslit it wurk fan syn hannen.*

Wy binne stil foar God

- F. Ivige God,
no't wy hjir by elkoar kaam binne
om te skûljen by jo en by elkoar
fiele wy ús ferbûn
mei de ierde en mei al har minsken.
- G. *Wy freegje jo:
meitsje ús iepen en ûntfanklik,
dat wy romte fine
foar Jo, foar ússels en foar elkoar.
Amen*

Liet: Leafde foar de tiden berne (791: 4, 5, 6)

Ta ynlieding op dizze snein

Onze situatie in een ander licht

We kunnen de uiterlijke omstandigheden waarin we leven niet altijd uitkiezen. We kunnen door positief denken niet simpelweg succesvol of gezond worden. Maar we kunnen wel vragen stellen bij onze houding. In plaats van positief te denken zouden we vanuit geloof een weg kunnen zoeken die onze situatie in een ander licht plaatst. Ja, als we onze omstandigheden met andere ogen leren zien, gaan we er anders mee om. En dan kunnen we midden in moeilijke omstandigheden toch een soort innerlijke vrijheid en vrede vinden.

*(Uit: *Betoverend Licht. Teksten van Anselm Grün bij werken van Ton Schulten.* p. 37)*

Muzyk

Evangeelje lêzing út Johannes 15: 1-6

Liet: I am the vine and you the branches

I am the vine and you the branches
pruned and prepared for all to see;
chosen to bear the fruit of heaven
if you remain and thrust in me.

Ik bin de wynstôk, jim de ranken
tarist en snoeid foar nije bloei,
útsocht om himelfrucht te dragen;
fertrou op my, wês wis fan groei!

(John Bell/Iona Community)

Preek : ‘Oer it snoeien’

Muzyk

Liet: I am the vine and you the branches

Gebeden, ôfsletten mei it Us Heit

Us Heit yn 'e himel,
lit jo Namme hillige wurde,
lit jo keninkryk komme,
lit jo wil dien wurde
op ierde likegoed as yn 'e himel.
Jou ús hjoed ús deistich brea
en ferjou ús ús skulden,
sa't wy ús skuldners ek ferjûn hawwe;
en lit ús net yn fersiking komme,
mar ferlos ús fan 'e kweade.
Want jowes is it keninkryk
en de krêft en de hearlikheid
oant yn ivichheid. Amen

Slotliet: Wy gean mei jo segen (425)

Seine